

PARSEBERJOCHT

1 febrewaris 2021

Klaas Koopmans – 100 jier, “Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig”

Hûndert jier nei syn berte bringt Fryslân DOK op 6 en 7 febrewaris in nij portret fan de keunstskilder Klaas Koopmans. Hy skildere it Fryske lânskip en makke djippe yndruk mei syn gestichtstekeningen.

Klaas Koopmans (Garyp, 1920-2006) waard bekend troch syn ekspresjonistyske skilderijen fan it Fryske lânskip. Mar miskien noch wol mear troch de ynkringende tekeningen dy't er makke by syn opnamen yn psychiatryske ynrjochtingen. Yn Museum Dr8888 is ein 2020 in oersichtstentoanstelling fan syn wurk ynrjochte, ûnder de titel 'Waaanzinnig!' It museum hopet dy nei de lockdown op 'e nij ûnder de oandacht te bringen.

Klaas Koopmans heart by de kanon fan de Fryske keunst. Mei fjouwer befreone skilders foarme hy de groep 'Yn 'e line' en fertsjintwurdige sa it ekspresjonisme yn de regio. Lykas de keunstners fan De Ploeg dat wiene yn Grinslân. Koopmans waard gauris opnommen yn psychiatryske ynrjochtingen, soms moannenlang. Hy sketste dan syn meipasjinten en it personiel. Hûnderten gefoelige en troffen tekeningen fan minsken yn 'e ferdrukking binne dêr it resultaat fan. Pas ein jierren santich mochten dy foar it earst oan it publyk toand wurde, fanwege de taboesfear dy't der lang omhinne hong. No meitsje de tekeningen diel út fan museumkolleksjes.

“Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig”

De basis fan dizze Fryslân DOK is de dokumintêre dy't Piter Tjeerdsma yn 1991 makke fan Klaas Koopmans. Syn eigensinnige karakter en wurk spat fan it skerm. Dochter en galeryhâlder Anje Wester en soan Gosse Koopmans, sels ek keunstner, jouwe har persoanlike fisjy op harren heit en syn wurk.

Jan Henk Hamoen follet dat fierder oan. Hy koe de djipleauwige Klaas Koopmans fan doe't er as jonge dûmny yn Garyp wurke. “Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig” is in sin út de brieven fan Paulus (2 Kor. 12:10), oanhelle troch Koopmans. Hy ûnderfûn it as stipe en ynspiraasje om it soms drege libben en skeppend wurk folhâlde te kinnen.

Fryslân DOK ‘Klaas Koopmans – 100 jier, “Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig”

Sneon 6 febrewaris, 15.30 oere, NPO2 (Nederlânsk ûndertitele, werhelling 7 febrewaris 13.10)

Snein 7 febrewaris, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbyldingen: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk fan Omrop Fryslân:
06 - 14 23 98 34.

PERSBERICHT

1 februari 2021

Klaas Koopmans – 100 jaar, “Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig”

Honderd jaar na zijn geboorte brengt Fryslân DOK op 6 en 7 februari een nieuw portret van de kunstschilder Klaas Koopmans. Hij schilderde het Friese landschap en maakte diepe indruk met zijn gestichtstekeningen.

Klaas Koopmans (Garyp, 1920-2006) werd bekend door zijn expressionistische schilderijen van het Friese landschap. Maar misschien nog wel meer door de indringende tekeningen die hij maakte tijdens zijn opnames in psychiatrische inrichtingen. In Museum Dr8888 is eind 2020 een overzichtstentoonstelling van zijn werk ingericht onder de titel ‘Waanzinnig!’ Het museum hoopt deze na de lockdown opnieuw onder de aandacht te brengen.

Klaas Koopmans hoort bij de canon van de Friese kunst. Met vier bevriende schilders vormde hij de groep ‘Yn ‘e line’ en vertegenwoordigde zo het expressionisme in de regio. Zoals de kunstenaars van De Ploeg dat waren in Groningen. Koopmans werd meermalen opgenomen in psychiatrische inrichtingen, soms maandenlang. Hij schetste dan zijn medepatiënten en het personeel. Honderden gevoelvolle en rake tekeningen van mensen in de verdrukking zijn daarvan het resultaat. Pas eind jaren zeventig mocht dit werk voor het eerst aan het publiek getoond worden, vanwege de taboesfeer die er lang omheen hing. Nu maken de tekeningen deel uit van museumcollecties.

“Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig”

De basis van deze Fryslân DOK is de documentaire die Piter Tjeerdsma in 1991 maakte van Klaas Koopmans. Zijn eigenzinnige karakter en werk spat van het scherm. Dochter en galeriehouder Anje Wester en zoon Gosse Koopmans, zelf ook kunstenaar, geven hun persoonlijke visie op hun vader en zijn werk.

Jan Henk Hamoen vult dit verder aan. Hij kende de diepgelovige Klaas Koopmans van toen hij als jonge dominee in het dorp Garyp werkte. “Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig” is een zin uit de brieven van Paulus (2 Kor. 12:10) die wordt aangehaald door Koopmans. Hij ervoer het als steun en inspiratie om het soms lastige leven en scheppend werk te blijven volhouden.

Fryslân DOK ‘Klaas Koopmans – 100 jaar, “Als ik mij zwak voel dan ben ik machtig”

Zaterdag 6 februari, 15.30 uur, NPO2, (Nederlands ondertiteld, herhaling 7 februari 13.10)

Zondag 7 februari, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeeldingen: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek van Omrop Fryslân:
06 - 14 23 98 34.